

ZON-DAG BOEK



PROTESTANTSE GEMEENTE Wirdum Fr e.o.

Snein 15 oktober 2007


Meiwurkers:

Foargonger : Ds.Hinne Wagenaar
Muzyk: Brassband Looft den Heer.
Koster: Jannie Smids
Âlderling fan tsjinst: Teake Posthuma

De tsjinst

De tarieden is dien tegearre meide diakens en Jehannes Arendz fan Mantgum.

Tekst: Dielen út Jesaja 60 en 62.



Derby gie it ûnder oaren oer dat at je útsjogge nei wat, it wol ris tsjinfalle sil. Komme je yn it beloofde lân dan wol dat noch net sizze dat der dan neat mear barre moat.

De dominy wiest op Jesaja 62 ûnder 7: *“Jimme dy’t de Heare al mar oanroppe, gun jimsels gjin rêst, en lit Him likemin mei rêst.....”*

It is net de bedoeling dat je rêstich ôfwachtsje wat der barre sil mar je moatte sels oan de gong bliuwe. Net ophâlde mar troch gean. Wy moatte ússels en God gjin rêst gunne. Dat wol sizze: we moatte der oan wurkje en stean op de beloften fan God

De âlderling fan tsjinst lies it roubrief foar wêryn ferteld waard dat Anne Wiersma ferstoarn wie. De gemeente hat steande, yn stilte dit berjocht oanheard.

Bysûnderheden:

Wrâlddiakonaat

It wie de snein foar it wrâlddiakonaat. Nepal wie it lân wer mear oer ferteld en útlein waard. Johannes Arendz út Mantgum wie der om te fertellen oer Nepal. Hy wie der yn 1991 en 2005 west en hat der rinnend de bergen yn west. Ek

joech hy oan dat der noch in protte barre moat yn it lân en dat feroaringen tiid nimme.



Kerk in Actie spilet der wer op yn. De boeren wurd manipuleard sied ferkocht. Dan docht bliken dat dit net goed past in de ekologyske systemen fan Nepal en dan moat der ek wer keunstdong en bestridingsmiddels komme. Kerk in Actie is warber om ek op dit mêd saken te goede te kearen.

Keunstwurk

In 2003 wie ús gemeente oergong nei de Sint Martinustsjerke. Dat jier is der wurke mei linten. Minsken koene in lint meitsje en útlizze wat je dêrmei útbylde woenen. De linten kamen oan in ring te hingen yn it koar fan de tsjerke. In giel, read en blauw lint hongen der as basis oan.

No de linten der wei helle wienen is frou T.Jongbloed-Spoelstra frege om der in keunstwurk fan te meitsjen.

Dizze simmer hat sy der oer gear west en wy koene

no sjen dat sy in prachtige quilt makke hie.

Fleurige kleuren en in protte symbolyk. Frou Jongbloed hat sels útlein wat de betsjutting wie fan de symboalen die der op steane en yn ferwurke binne.



Nei de útlis eindige sy mei de wurden: '.... en sa bin ik wat oan de gong west'. Mei in hândruk mei de dominy waard it keunstwurk oerdroegen oan de gemeente.
My in flink applaus hat de gemeente har wurdearring útsprutsen.

FOARBEDE

In de tsjinst waard foarbede dien foar frou Nauta, frou Veltman, frou Wobbes en frou Soepboer.
En foar de fem. Wiersma fanwege it ferstjerren fan Anne Wiersma.

BLOMMEN

De blommen gongen nei:
Frou Jongbloed –
Spoelstra foar har prachtige keunstwurk.
Johannes Arendz
foar sy útlis oer Nepal



KOLLEKTE

1e kollekte wie foar it Wrâlddiakonaat
2e kollekte wie foar de tsjerke.

MEIWURKING

Brassband "Looft den Heer" soarge foar de muzyk en dat waard tige op priis stelt.



Nei de tsjinst hawwe binne in protte minsken noch efkes de tsjerke ynreaun om it keunstwurk en de blommen noch efkes goed te besjen.



It slotlied: Tuskentiden, 216:

Komme ea fuotten op wjukken mei tyngje fan frede,
Falt oer de rikjende ierde de dauwe fan frede,
Makket ea grut
In minskemûle dat wurd;
Wy sille rêste yn frede.

Dan sil ik skrieme en laitsje en drinke en sliepe,
Dreame fan flechtlingen, deaden, de eagen wer iepen.
Mar gjin geroft,
Nergens alaarm yn é loft,
Oeral de frede foar 't gripen.

Dan sil ik swaaie nei frjemden, hja sille my moetsje.
Wa wie de fijân? Ik sil him mei frede begroetsje.
Dan sil ik gean
Dêr't noch gjin wegen bestean
Frede har wei sil ik hoedzje.